

# 'Foar alles is in tiid', it libbensferhaal fan Tiny Mulder

FD 03-02-2007

troch Gerbrich van der Meer

**D**oe't Geart de Vries (1956) as lyts jonkje fan seis jier in briefke nei Nine skreau fan 'Us eigen herntsje', de berne-rubryk fan it Friesch Dagblad, wist er noch net dat er fjirtich jier letter in sjoernalistyske biografy skriuwe soe oer dyselde frou. Yn 'e simmer fan 2005 hie er tolve lange petearen oer har libben en wurk en ferwurke dat yn alve haadstikken, ferteld út de ik-persoan wei.

Tiny Mulder (1921) is yn ferskillende rûnten bekend. Guon sille har kenne as âld-sjoernaliste fan it Friesch Dagblad; de skerpe pinne fan har heuge yn har kollums 'Ventweg' en 'Midstwa' út de santiger jierren. Besprekken fan Fryske literatuer wiene yn it Friesch Dagblad ek jierrenlang fan har hân.

Oaren kenne har miskien as de literêr einredakteur fan Literair Kwartier by de RONO (de Regionale Omroep Noord en Oost), de foarrinner fan ûnder oare Omrop Fryslân. Mannichien sil har kenne as skriuwster en har ferneamde boek *Tin iis* út 1981 yn de kast stean ha. Yn dizze roman oer de twadde wrâldoarloch, ferwurke se har erfaringen as koerierster.

Ek as dichteres hat se har spoaren fertsjinne. Yn 1986 krige se de Gysbert Japix priis foar de bondel *Oh in see, ah in lân*. En wa ken net har oersetting fan *Alice in Wonderland* fan Lewis Caroll. Wat dreger de te oersetten tekst, wat moaier as se it fûn. „It moat wat byt hawwe“, sei se ris.

„Foar alles is in tiid“, sei Preker al. Dy wiisheid foarmet de titel fan de biografy. Foar alles is in tiid, leare wy fan Preker, in tiid om te praten, in tiid om te swijen, in tiid om te sjongen, in tiid om te treurjen...

It is in byld dat ek rjocht docht oan it libben fan Mulder yn grutter en lytser perspektyf, ek al lit se har oer de djipste- en hichtepunten yn har eigen húshâlding net sa út.

Foar alles is in tiid set yn mei Mulder har jeugdjierrren. Hiel bewust woe Mulder dat dy tiid wiidweidich omtinken krige. Yn in resint interviw yn *Wijd & Zijd* seit se dêroer: „Ik woe oanjaan wêr't it allegear weikaam. Miskien is dat wol typysk Frysk: fan wa bisto ien? Mar dy hiele bernetiid en al dy minsken ha bydroegen oan myn ûntjouwing. Ik haw fan elkenien wol wat meikrigen.“

'In nomadske jeugd' hie Tiny Mulder, lêze we yn it boek. Tolve kear ferhuzen heit, mem, Tiny en broer Alle Mulder. By opa en omoe yn Beetstersweach fûn Mulder in basisplak yn de hektyk fan de ferhuzerij. Fan heit krige Tiny Mulder in taleknobbel mei en de nacht om foar te dragen. Aardich is it om te lêzen dat Tiny Mulder eins Klaske hite moatten hie, „mar ik bin úteinlik nei heit syn mem neamd, want Klaskes wiene der al in stik of fjouwer yn de famylje. Doe't ik letter myn roman *Tin iis* dwaande wie, fûn 'k it passend om de namme fan beppe Klaske yn 'eare te hâlden. Ik ha 'm dêrom jûn oan it puberfamke Klaske dêr't it ferhaal út wei ferteld is.“ (side 11)

Yn haadstik 'Learjierrren' komme we in Tiny tsjin dy't sljocht is op alles wat mei literatuer te krijen hat. „As ik in moai fers lies, skreau ik it faak oer. [...] Troch dat oerskriuwen, en ek it foardragen, krige ik mear gefoel foar ritmyk, rym en klank“, stiet op side 33. Pas folle letter kaam Mulder der efter dat har eigensinnige fersen ek rjocht dat har bestean hiene.

As de oarloch útbrekt freget Pi-

ter Wijbenga har al gau om op it distribúsjekantoar fan Smellingerlân te kommen. Foar de measten is it wol bekend dat Mulder oan 'e earen ta yn it ferset komt te sitten. Yn Foar alles is in tiid wurdt it hiel konkret as Mulder bygelyks te praat komt oer frou Zilverberg, in 'gewoane Drachtster frou'. Ald en siik as frou Zilverberg wie, ûntkaam se net oan transport. Ut it sikehûs hellen se har wei, komme we te witten. It wie Mulder net slagge om op 'e tiid in oar plak foar har te finen. De rauwe werklikheid joech Tiny Mulder plak yn it fers *Juffer Goedekoop*. 'Ik haw wier alles ôflein', seit it gedicht, 'doomny's dokters direktises/ net ien wist rie wist plak/ foar myn âlde deasike joadinne/ wier juffer Goedekoop/jûns lei der yn jo bêd in blonde frou/ doe de brievekaart/en fierder taal noch teken/safaak as jo dy kaart ferskuorre/bringt de post him wer (...)'.

## Unrjocht

Yn haadstik 'In oarloch dy't bliuwt' sjogge wy hoe liik unrjocht har meitsje kin. Yn de boeken fan Lou de Jong en Piter Wijbenga oer de twadde wrâldkriich gyng it hieltyd wer oer „dy dappere manlju en dy flinke jonges“, murk se. „Doe tocht ik: en ús mem dan? En al dy oare memmen? Sûnder har hie dat hiele ferset folslein net mooglik west“ (side 172). Sa ûntstie *Tin iis*, út liikens en as oade oan de froulju en de besettingstiid, dy't har eigen ûnmisbere rol hiene yn it fersetswurk.

It mier hat Mulder oan grutte wurden. Yn it fers *Maitiid* út 1975 konstatearret se tritich jier nei de oarloch: 'Wurch fan noait earlik ferjitte/ en noch altyd de pest oan dûtsk en oan P. fan de NSB/ en hiel-

tyd âlder sear/ as hege huodden omgrieme/ mei deftige wurden.'

De útspraak dat it yn *Tin iis* „[.] net om helden [giet] en heldedieden en de ferearing fan helden, mar om gewoane minsken dy't diene wat se neffens harsels dwaan moasten“ (side 177), seit ek in soad oer hoe't Mulder sels yn it libben stiet en oer har hâlden en dragen.

Har each foar en solidariteit mei gewoane minsken is in reade tried yn har libben. Oant hjoed de dei ta. En as se op de barrikaden stiet is har pinne faak har grutte freon. We sjogge it werom as se daliks nei de oarloch as korrespondente in reis troch Amearika makket. Djippe yndruk makket it rassefraachstik op de jonge sjoernaliste. Yn oktober 1947 skriuwt se yn it Friesch Dagblad. „Honderdduizenden, blanken en kleurlingen, hebben zich in de oorlog opgeofferd voor de slogan: 'Alle mensen zijn gelijkgerechtigd geschapen.' Laten vooral de jongeren ervoor waken, dat die slagzin geen holle frase zal blijken te zijn“ (side 112).

We sjogge it werom yn har wurk foar Amnesty International, har kollums yn *Ventweg* en *Healwei/Halfweg* oer Russise dissidenten yn ballingskip (1983) en ynderlike frijheid (1982). Mar ek it krewearjen fan Tiny Mulder en har man Jildert Zuidema ein fjirtiger jierren om it Skûtsjesilen mei help fan in averijpot wer op 'e gleeed te helpen - wat ek slagget! - kin sjoen wurde út dysele solidariteit wei.

Yn haadstik 'Wer thús' (út Amearika) sjogge we in frou dy't stean wol foar rjocht. „Ik koe net oars as opkomme foar de gelikense rjochten (en plichten) fan manlju en froulju“, seit se op side 129. Yn har rubryk 'Rútsjes en bûnt', in side dy't spesjaal ornearre wie foar

de frou, gie it dêrom net allinnich oer húshâldlike saken, mar ek oer bygelyks froulju yn bestjoerlike en tsjerklike funksjes. It wurdt har lang net altyd yn tank ôfnommen.

Net allinnich oaren wol se ta har rjocht komme litte. Lokkich is se eigensinnich genôch om ek foar harsels romte te kreearjen. Nei har trouwen mei Jildert Sudema hâldt se har wurk op it Friesch Dagblad oan, en ek as bern Rixt en Teake komme, bliuwt se har pinne trou. Se hâldt harsels steande yn de manljuswrâld fan it Friesch Dagblad en de manljuswrâld fan literêr Fryslân yn de fyftiger jierren. Dy witte yn it begjin bytiden gjin ried mei har oare wize fan dichtsjen.

De keunst fan it genietsjen is Mulder net frjemd. De libbensnocht strielt fan it boek en de rynsk opnommen foto's ôf. Se genietet fan har wurk en fan it dichtsjen foar jong en âld. De lêzer fielt it entúsjasme mei as Mulder fertelt oer har reizen yn de santiger jierren mei har man nei Súd-Europa ta, as de bern de doar útbinne. Dy reizen fungearje faak wer as ynspiraasjeboarne foar har fersen lykas dy ferneamde fersesyklus *Oh in stêd*, ah in lân.

It is moai dat Geart de Vries in biografy oer dizze frou skreaun hat. Yn har eigensinnige gong troch it libben wie se har tiid foarút. Se krige en naam de romte om har kwaliteiten rjocht te dwaan. Har krêftige wize fan libjen kin oaren ynspirearje. Tagelyk jout har dappere wize fan reagearjen op de aktualiteit in moai byld fan de mien-skip yn de foarige ieu.

*Foar alles is in tiid, it libbensferhaal fan Tiny Mulder, Geart de Vries, Friese Pers Boekerij, Ljouwert, priis: 19,50 euro.*